

# In thriller yn Ljouwert

F206-8-11

1

troch Yvonne Dijkstra

**D**e wiere thriller set oan ta neibeskoġjen. Dat wol sizze: as it ferhaal út is, kin de lêzer it noch net fuortlizze. Hy eidet alles nochris oer en freget him ôf oft en wannear't er it oankommen seach.

De lêste jierren hat de thriller in wiere revival trochmakke. Derbinne misdiedferhalen, plysjeromans en saneamde literêre thrillers dy't meast froulju as doelgroep hawwe. Ek de Fryske literatuer smyt misdiedferhalen op, wêrby't wol oantekene wurde moat dat net alles wat op dat mêd útkomt like slagge is. Sterker noch: ik haw noch net safolle Fryske thrillers lêzen wêr't ik wei fan wie.

De man fan tolve heech fan Hedzer T. Hooijenga ferraste my dan ek posityf.

## Misdiedferslachjouwer

Hooijenga lit syn ferhaal yn Ljouwert spylje. Yn Bilgaard wurdt in man dea fûn yn syn flatsje. Stadichoan docht bliken dat der folle mear oan 'e hân is as dat de plysje en misdiedferslachjouwer Jehannes Moolenaar fan tinken hawwe. Dat drama spilet noch net of Moolenaar wurdt oansprutsen troch in feroardiele pedofyl dy't achterfolge wurdt. As Moolenaar him yn beide saken ferdjippet, wurdt geandewei dúdlik dat dy twa barrens mear mei elkoar te krijen hawwen. De ûntknopping komt pas op it lêst. De lêzer bliuwt dêrom lang yn it ûnwisse.



Foto: Frans Andringa

Hooijenga skriuwt yn in suver, geef Frysk dat it ferhaal prachtich ûnderstrekke. De personaazjes, dy't gesichten as 'ferfretten kwartsjes' hawwe of 'pânsen as in blastige ko', binne fan fleis en bloed en doge oant yn 'e details. Misdiedferslachjouwer Jehannes Moolenaar bygelyks, is fan it slach Peter R. de Vries, mar dochs kinne jo jo goed

yntinke hoe't er yn Ljouwert omracet. Moolenaar syn ynformant Arjen Nollema wurdt ek prachtich delset: 'Der waard wol bewearde dat er in protte jild hie. Mar dat wie net oan him te sjen, want it wie yn ien wurd sein in grutte fiislak., want hy hie in pânse as in blastige ko. Boppedat wie yn 'e regel de gearstalling fan syn middeismiel fan wol de hiele

foargeande wike op 'e klean werom te finen' (side 58).

It realistysk optekene dekôr spilet lykas yn guon Skandinavyske thrillers in hiel eigen rol: 'It ljocht sette de Avérotoer en oare wanstaltige bouwurken dêr't it provinsjestedsjje Ljouwert him metropoal-efrige pretinsjes mei besocht oan te mjitten, yn in sêftblau skynsel' (side 74). Al

mei al hat Hooijenga it him flikt om in stevige Fryske misdiedroman ôf te leverjen. Knap wurk!

**1** De man fan tolve heech. Hedzer T. Hooijenga, útjouwerij KFFB, 16 euro

